en de man dy't sels nea wer sûnt syn trouwen op snein keatst hat, sei neffens soan Tjibbe geregeldwei tsjin Jan Jarings: 'Silst him frij litte moatte, oars ferdwynt er yn it 'niets'.'

'Hy wie wol de 'ontdekker' fan my', sa jout Jarich van der Veen ta. De opslagger wie syn 'pupil' en Sikke wie yn 1971 en 1974 hast like bliid en grutsk as de 'Man uit de Dokkumer Wouden' sels, doe't er de PC yn dy jierren wûn. Jarich van der Veen: 'Al ûnder de jonges wie er ús begelieder en as it net woe, dan sei er steefêst fan: "Slaan der mar tsjinoan".'

Ek de 'public relations' fan de keatspartijen yn Ikkerwâld wie yn hannen fan Sikke Wiersma. Tjibbe: 'Hy skreau it op sa't er tocht, en dat gie dan nei de *Nieuwe Dockumer Courant* en o wee as de nammen by in foto fan fotograaf Alex Bouma der net goed yn stienen. "Dat flikst my net wer", krige de man dan letter te hearren.' Sa hie Sikke Wiersma mear útsprutsen mieningen, bygelyks oer KNKB en CFK. Hy hat syn libben lang in 'KNKB-man' west. Yn it ferline ha de minsken wolris tsjin him sein: 'Toe jong, moatst nei de CFK gean, dan winst alles.' En Sikke sei dan hast bibelsk: 'Ik ferleagenje de KNKB net foar in leppel en in foarke.'

Karmaster op boppe of foarline, Sikke Wiersma die it mei nocht, mar ek hjir hie er in dúdlike miening. Sa skreau er yn 1980 nei oanlieding fan in earsteklaspartij yn Ternaard lulk oer de 'misdragingen' fan de earsteklassers tsjinoer karmasters en oare frijwilligers. 'Zou me kunnen indenken dat ze op een moment zeggen: Het hoeft voor mij niet meer, ga maar bij de vrouw in de schaduw zitten', sa skreau Sikke yn dat jier yn dat prachtige Fryske Hollânsk.

Keningskommisje

De keatsklubs yn de Dongeradielen wisten him wol te finen foar de keningskommisjes. Briefkes yn de bûse en trochtelle nei de ein, sa wie syn wurkwize. Wie er net wis fan de kening, dan in slach om it fjild en stikem op 'e nij telle. En dan nei ôfrin it spul yn hannen fan de foarsitter frommelje, sadat gjinien it seach. Ien kear hat er yn de keningskommisje fan de PC sitten, want Sikke Wiersma koe goed mei PC-foarsitter Ulbe Hannema. Doe't er thúskaam, frege dochter Jannie: 'En, hie heit it goed?' En Sikke grommele: 'Wat oars hie 'k it goed.' Lulk yn 1988 om't de ferkearde yn syn eagen kening waard.

Foar elts in goed wurd by de priisútrikking, dêrby de hân fan de priiswinner al pratende tiden fêsthâlde. Dat wie Sikke Wiersma. Altiten it goede fan de minske sjen wolle, in libbensprinsipe fan dizze man. Op tiid wêze wolle as er mei de soan yn de auto nei in partij gie. Freeds altiten belje, tiid ôfprate, 'want ik wol de earste slach net misse'.
It kaam yn 1990 hurd oan doe't er 'syn' Griet yn juny misse moast. In libben dat wat iensum waard thús. Minsken genôch dy't Sikke noch koenen op it keatsfjild, it wie steefêst tsjin de soan: 'Kenst dy man wol?' en dan folge in ferhaal oer jiertallen en partijen út it skiere ferline. Ien man koe Sikke allinnich fan hearren en sizzen: de dokter. 'As him ris wat mankearde, dan kôge er om op ien of oare plant út de natuer wei, hy hat leau 'k ien kear 'buikgriep' hân', fertelt dochter Jannie.

Yn novimber 1993 wie it al oars, hy hie lêst fan de kiel, in 'kuchje' dat net oergean woe. Wietreind by it ûnder wetter setten fan de iisbaan. Willem de Haan kaam him tsjin en Sikke sei: 'Dit komt net klear Willem.' Dat kaam it ek net, want op 17 jannewaris 1994 ferstoar Sikke Tj. Wiersma, krekt 80 jier wurden. En Willem de Haan skreau yn febrewaris yn *Wis-In*: 'De dei fan syn begraffenis reinde it sêft...Ik seach in freon oan en wy tochten itselde: Ijippewaar Sikke syn waar '

Rynk Bosma

Alde remedys tsjin alde keatskwalen

Oer stikkene skouders, trochsleine hannen, want, bal én agar-agar.

Generaasjes keatsers hawwe lêst hân fan in trochsleine hân en in stikken skouder. Noch binne beide kwalen net út 'e wrâld, mar hjoeddedei wurde dêr, foaral troch in ferbettere útslachtechnyk respektivelik in bettere want en yn it algemien fansels ek troch mear training en in adekwate foarljochting en begelieding, hiel wat minder spilers troch pleage. Likegoed skriuwe ek yn ús tiid (para-)medisy noch geregeldwei oer beide blessueres.[1] Ik gean hjirre net neier op alderhanne fysiologyske bysûnderheden yn: it is my yn dit artikel te rêden om wat earder oer it ûnderwerp skreaun waard (en dat is dan foaral oer trochsleine hannen). Keatsers hienen oant sawat in ieu lyn gjin wanten, mar die de yllaach yn de hannen dan net syn beskermjend wurk? In opsette hân waard al yn de 18de ieu sinjalearre. Ien fan de âldste, wat langere stikken oer in trochsleine hân én in stikken skouder - fan in skoalmaster! - datearret út 1918.

It giet om in artikel fan Folkert Wiersma[2] yn it *Kaatsboekje 1918*, 'uitgegeven door den Ned. Kaatsbond' (s. 11-16), ek publisearre yn de *Revue der Sporten*, jrg. 12 (1918), nû. 24. Oer de earste krupsje skriuwt er ûnder mear: 'Enkele spiervezels kunnen scheuren; een pees kan verrekken; een zenuw of wat slappe band in de knel komen en we hebben, wat men noemt, een "verslagen" arm of schouder en hij, wien dat overkomt, moet, in het gunstigste geval, voor geruimen tijd, vaak voor altijd, afzien van het gebruiken van zijn arm voor den bovenhandschen slag, wat vooral voor een "uitslager" een ramp is.' Wa't fertroud is mei in stikken skouder, wit dat Wiersma gelyk hat. Underhânsk útslaan (en uteraard ek opslaan) giet noch wol, mar it beswier dêrfan is fansels dat men minder fier slaan kin. Dat hat earder miskien oars west, doe't keatsers mooglik mear wend wienen oan *ek* de ûnderhânske technyk. Ik basearje my foar dy opfetting op in meidieling fan de Arumer boer Thomas Bonnema, dy't suggerearret dat de boppehânske útslach pas oan de ein fan de 19de ieu syn dominant karakter krigen hat. [3] As Bonnema gelyk hat, sil de kâns op in stikken skouder yn it ferline ek minder grut west hawwe.

As remedy skriuwt Wiersma ûnder mear dit foar: 'Een kaatser moet gedurende het winterhalfjaar door gepaste oefeningen zijn lichaam en vooral zijn arm en schouder lenig houden. Als het zoo tegen het kaatsseizoen loopt [….], beginnen wij voor ons met daarvoor aangeschafte haltertjes allerlei bewegingen en oefeningen te maken […]. Maakt sla-, stoot-, slingerbewegingen met uw armen in verband met buigen en strekken uwer beenen en romp; verzwaart die bewegingen met een halter, een hamer, een gedeeltelijk met zand gevulde flesch en doet het geregeld.' (s. 11-13). Dat is in modern oandwaand advys.

Oer in trochsleine hân merkt Wiersma (yn in te lange, knoffelich formulearre sin) op dat dy 'veelal [ontstaat] doordat een snel gedreven bal, misschien door hem niet op het rechte oogenblik te treffen, wat ongelukkig in de hand terecht komt, waardoor aan een vinger of het aan de vingers onmiddellijk grenzende deel van de hand [,] het beenvlies meer of minder wordt beleedigd: de vinger of de hand zet wat op en veroorzaakt pijn, die bij elken verderen slag verergert, zoodat de speler gewoonlijk het best doet, met het spel niet voort te zetten.'

Ek hjirre komt er mei previntive maatregels. Ear't it spul begjint, moat de hân 'door en door warm' wêze, sadat de trochblieding optimaal is. In prima helpmiddel dêrby is neffens Wiersma het 'balverdrijven' (sjoch dêroer myn artikel earne oars yn dit nûmer). 'Er is nog een ander middel, dat trouwens met het vorige kan samengaan. Wij voor ons hebben al jaren en jaren voor gewoonte, in navolging van een beroemd oud-kaatser, in het begin van het seizoen, of bij een lateren kouden dag, een ronden keisteen bij ons te hebben, dien we vóór het spel begint, herhaaldelijk stevig knijpen.' (s. 13-15). Ek dêrtroch is de trochblieding better. Ik merk noch op dat Wiersma mei 'een beroemd' oud-kaatser' mooglik wol op Jan Reitsma doelt, dy't fan 1888-1911 spile hat (hy wie dus yn 1918 noch net sa lang lyn ophâlden). Fan him wurdt sein dat er 'altiten' in stientsje yn 'e hân hie.[4] It gebrûk fan it stientsje is my trouwens ek ûnder in inkelde hjoeddeiske keatser noch wol bekend.

Oft dit de âldste (learene) keatswanten binne, is net alhiel wis, mar se binne tin as glasees. Kolleksje Keatsmuseum. Foto: Detmar Breuker.

Doeke Zylstra hie earder al, yn 1979, noch in oar âld berjocht oer in trochsleine hân boppe wetter helle: 'In 1913 waren er nogal wat klachten over doorgeslagen handen (handschoenen waren zeldzaam). Daarom werd op de eerste de beste grote wedstrijd van 1914 (georganiseerd door de L.K.C.) het volgende advies gegeven en ook toegepast: men neme een hoeveelheid agar-agar, menge die aan met water, verwarme dit mengsel en bevochtige er de handen mee. Het middel voldeed die dag uitstekend, zo laat de verslaggever zijn lezers weten.'[5] Foar wa't it net wit: agar-agar is in sjelatine-achtige stof út droech seewier. It middel hat yn alle gefal ek noch nei 1914 inkelde jierren yn gebrûk west om trochsleine hannen tsjin te gean.[6]

De want as beskerming

Men soe jin deroer fernuverje kinne dat Wiersma yn 1918 as remedy tsjin in trochsleine hân net op it belang fan in want wiist, mar dat is net sa frjemd. Friezen hawwe ieuwenlang sûnder want keatst. Pas yn 1910 wurdt de 'want' foar it earst yn it keatsreglemint neamd: 'De kaatsers mogen alleen spelen met de onbedekte hand. Indien echter een speler bij 't doorslaan van de hand zich van een handbedekking wenscht te voorzien, heeft hij deze te onderwerpen aan de goedkeuring der keurmeesters bij een wedstrijd.'[7] Dat der doe noch mei de bleate hân keatst waard, wurdt befestige yn in oar, no tige seldsum, boekje, dat ek yn 1910 ferskynd is. Yn dat boekje fan J.A.H. J[ockin] oer 'voetbal korfbal lawn-tennis cricket hockey kaatsen' stiet yn it haadstik oer keatsen: 'De bal wordt voortbewogen door slaan met de onbekleede hand.'[8] Dat is dus net yn tsjinspraak mei de opmerking dat de want allinnich by in trochsleine hân brûkt wurde mei. Oft it yn it oanbelangjende reglemintsartikel al om 'echte' wanten gong, betwivelje ik trouwens: waarden dy doe al yn Fryslân makke; wie dêr yn 1910 al in merk foar? Yn 1915 docht it bestjoer fan de L[eeuwarder] K[aats] C[lub] in oprop oan 'glacé-handschoenen dragende heeren van Leeuwarden' om har âlde glaseewanten ôf te stean oan ynternearre Belgen (sjoch oer har it haadstikje hjirnei).[9] Ek dat soe derop wize kinne dat der doe noch gjin of amper wanten makke waarden (al soenen Fryske keatsers grif net gau har 'echte' wanten ôfstien hawwe). Pratend oer glaseewanten: it Keatsmuseum bewarret in pear âlde, hiel tinne wantsjes, as wienen it glasees (sjoch ek de foto). Soenen dy de earste 'handbedekking' by ús foarme hawwe?

De Belgen

It soe my net nij dwaan dat de Friezen de want fan de Belgen oernommen hawwe. Hoewol't dy al sûnt 1888 út en troch yn Fryslân kamen te keatsen (en de Friezen sûnt 1896 yn België), rekken de Friezen foaral yn de Earste Wrâldoarloch fertroud mei de fleurige gasten út it doe noch fiere Suden. Hjirre, dat wol sizze benammen yn Hurderwyk, Gaasterlân en fierder ek wol Seist en Oldebroek, ynternearre Belgen dienen yn de jierren 1915-1918 geandewei hieltiten mear mei oan de Fryske kompetysje.[10] Krektlyk as thús spilen se mei in want. Stadichjesoan stapten de Friezen ek op de want oer. Bûnsfoarsitter Willem Westra skriuwt yn 1916 dat 'reeds enkele onzer Friesche spelers' in 'handschoen' brûke 'zooals onze Belgische sportmakkers'.[11]

It bekende Belgyske partoer dat de PC fan 1917 wûn. PC-kening August van Lierde hat in mânske want oan. Foto: kolleksje Keatsmuseum.

Neffens drs. Johannes Lolkama soenen Ids Roukema (fan Harns) en Jan Vlietstra al foar 1920 in want brûkt hawwe, Jan Heeg en Klaas de Jager ridlik gau dêrnei. Yn in petear mei Lolkama leit Heeg in dúdlike brek yn 1923: doe't er as earsteklasser begûn (hy keatste fan 1916-1932), 'gebruikte niemand een want. Tot 1923 kaatsten we altijd met ballen van Wopke Meter. Dat waren zachtere en kleinere ballen dan die uit 1978 [it jiers dat Lolkama mei Heeg praat hat?] en wogen ongeveer 20 gram. Na de dood van Meter - voorjaar 1923 - kregen we andere ballen. Als ik me goed herinner werden de ballen daarna gemaakt door Bijkersma uit Wommels. Geruchten wilden doen geloven dat in die ballen zand en grint gestopt werd om ze op het gewicht te krijgen. Mede daardoor gingen de kaatsers geleidelijk over op het gebruik van wanten.'[12] Yn in brief fan 'Mei '82' oan 'de P.C p/a Dr. Hannema' seit Heeg net hielendal itselde: 'De want is in onze tijd ingevoerd. Ids Jousma [dy't keatste fan 1918-1930] was één der eersten. Wat later [-] we mochten niet spuwen op de bal [-] zijn er emmertjes met water bij de stuit geplaatst [om de hannen wiet en de ballen, stikem en tsjin it reglemint yn [13]soms, swierder te meitsjen]. Opslag 34 en 32 meter. Door die zware ballen zijn de wanten gemeengoed geworden.'[14]

De Frjentsjerter Jan Vlietstra mei want. De datum fan de foto is net bekend. Foto: kolleksje Keatsmuseum.

Heeg jout dus twa ferskillende ferklearringen foar it brûken fan wanten. Yn beide gefallen is de oanlieding in swierdere keatsbal, mar dy wurdt yn it iene gefal feroarsake troch in oare balmakker, yn it oare troch it yn it wetter hâlden fan de bal. Beide ferklearringen kinne wier wêze, mar dat leit oars mei Heeg syn bewearing dat de want yn syn tiid ynfierd waard. Wy hawwe niiskrekt sjoen dat de want (alteast 'handbedekking') al yn it keatsreglemint fan 1910 neamd waard. Ik ha noch in nijsgjirrich âld fynplak fan de want boppe wetter helle. Yn it notuleboek fan de NKB stiet oer de Jiergearkomste fan 1913 ûnder mear dizze passaazje: de PC hat 'dispensatie gevraagd en verkregen om op de Internationale gehouden op Woensdag 30 Juli 1913 de Belgen met de handschoen te laten kaatsen. Dit is toegestaan, mits de Friezen het ook mochten doen als zij dat verkozen.'[15] De lêste sin soe fansels net folle doel hawwe as yn 1913 it brûken fan de want yn it Fryske spul hielendal ûnbekend wie. In keatser dy't neffens eigen sizzen yn 1915 al in want brûkte, wie Rinse Brink. Hy skriuwt yn 'e kontekst fan in trochsleine hân dat er 'noodgewongen' ta de want oergean moast.[16] Likegoed kaam dat helpmiddel der mar stadich yn. Neffens it reglemint fan 1923 spilen de keatsers noch mei de bleate hân en as se al in want brûke woenen, moast de karmaster dy earst goedkeure! [17]

Yl as want

As ferklearring foar it net brûken fan in want wiist Lolkama derop dat de Fryske keatsers, wend as se wienen om har brea mei de lea te fertsjinjen, lang in protte yl yn 'e hannen hân hawwe.[18] Ek Willem Westra komt op de beskermjende wurking fan yl, al ûnderskiedt er wol ferskillende soarten keatsers: 'Een hand, die van jongs af gewend is met den kleinen, stevig gevulden Meterbal te spelen, raakt bestand tegen den slag. En uiteraard is de vereelte hand van den werkman er weer beter tegen bestand dan de hand van een kantoorklerk of onderwijzer. Sommigen, die 't kaatsen wilden leeren, omdat ze er zich door aangetrokken gevoelden, scheidden er weer mee uit, omdat de bal voor hun handen te pijnlijk was en een opzwelling veroorzaakte.'[19]

Yn dit ferbân sitearje ik ek de miening fan de yndertiid nasjonaal bekende sportman en sportpublisist Jan Feith. Dy skriuwt yn 1900: 'Ten gevolge van het meer en meer in zwang komende kolfspel, waarbij niet die inspanning vereischt werd als bij kaatsen, geraakte het spel op den achtergrond. De handen der stedelingen waren al te teer geworden om ze aan de krachtige slagen tegen den stevigen bal te wagen […]. En zoo zien wij onwillekeurig het kaatsspel verdrongen naar die plaatsen van ons land, waar de jonge boeren nog "stevige vereelte vuisten" hebben, om met een krachtigen slag den bal terug te kaatsen.'[20] Feith syn ferklearring doocht lykwols net. De troch him bedoelde oergong fan it keatsen nei it kolvjen, in yn oerdutsen banen beoefene herberchsport, fûn yn koarte tiid om 1700 hinne syn beslach. Dêrby gong it lykwols allinnich om it keatsen ûnder de hegerein (it 'folk' op it plattelân keatste - doe noch - troch) en dy spile yn oerdutsen keatsbanen, net mei de bleate hân, mar mei rackets. De feroaring hie dus neat mei al of net ilige hannen te krijen, mar - foar 't neist - mear mei it as ûnbeskaafd oanfielde keatsen.[21] Dat it keatsen ûnder 'de jonge boeren' wol bestean bliuwe koe, hie mei har 'stevige vereelte vuisten' net folle út te stean. De werklike reden sil earder socht wurde moatte yn it konservative karakter fan it plattelân, dat, oars as de stêd, minder foar fernijing iepenstie (en stiet fansels).

Prins Hendrik

Wy hawwe krekt sjoen dat neffens Lolkama de keatsers lang gjin want hoegden te brûken fanwegen har yltige hannen. Ek op dy opfetting is wol wat ôf te tingjen. Lolkama brûkt as 'bewiis' de keatspartij op de saneamde 'Nationale Olympische Spelen' fan 1916 yn Amsterdam. Dy wienen bedoeld as in soarte fan kompensaasjes fan de 'echte' O.S. fan 1916, dy't om de Earste Wrâldoarloch oergean moasten (Amsterdam hie se graach hawwe wollen, mar se wienen tawiisd oan Berlyn; de earste stêd moast oant 1928, de oare oant 1936 ta wachtsje). Op snein 3 septimber waard yn it Amsterdamske Stadion in keatswedstriid hâlden tusken Jan Reitsma jr.-André Rienstra-Johannes van der Burg en Anne Smidts-Rinze Werkhoven-Machiel Miedema. 'Gedurende de partij namen in de loge van de overdekte tribune plaats Z.K.H. Prins Hendrik der Nederlanden met zijn adjudant Jhr Backer, de ministers van Binne[n]landsche Zaken, van Oorlog en van Marine, generaal-majoor Ophorst, commandant der stelling Amsterdam, burgemeester Tellegen en 't bestuur van 't Olympisch Comité. De kaatswedstrijd had plaats voor de loge van deze tribune […]. Zijne Hoogheid verwonderde er zich over, dat de kaatsers met de bloote hand zoo'n hard balletje in zijn snellen loop konden slaan en zou gaarne eens de handen van een paar spelers na den kamp willen inspecteren. Daarop werden de spelers Reitsma en Rienstra, die zich nog in de kleedkamer bevonden, door den voorzitter [fan it Keatsbûn, Willem Westra] aan den Prins voorgesteld […] Z[ijne] K[oninklijke] Hoogheid inspecteerde […] de handen der genoemde spelers en vroeg of deze na den kamp niet pijnlijk en hard waren, waarop beiden ontkennend antwoord[d]en. De handen onzer kaatsers zijn te goed aan straffe ballen gewoon, dan dat er na 't spel sporen zouden zijn achtergebleven.'[22] De fraach oft dat wol (altiten) hielendal wier is, sil ik aanst op yngean, hjirre wiis ik derop dat it byld fan stoere keatsers mei bypassende hannen mooglik bewust ynstânhâlden waard. It paste hiel goed by de foaral yn Fryske rûnten libjende opfetting út dy tiid fan it keatsen as it 'aloude balspel', it 'Oud-Hollandsch balspel', dat it fertsjinne om as 'nationale sport' op de O.S. fan 1928 demonstrearre te wurden.[23]

Hannen: 'opgezwollen', 'jufferlijk', 'onbekwaam tot schrijfwerk'

Der binne al út foar in part folle earder tiden, doe't de keatsers net minder as yn 1916 har brea mei de hannen fertsjinnen, tsjûgenissen fan wol opsette hannen. Mar ear't ik dêr op yngean, neam ik earst noch koart in hiel oar argumint dat op himsels al Lolkama syn útlis fan it net brûke hoegen fan wanten op syn minst nuansearret. Men moat jin ôffreegje wêrom't de Belgen, dy't dochs ek yn har wurk de hannen brûkten, al langer wanten hienen, fansels by it jeu au tamis, dat allinnich al om de spikerhurde bal in want frege (sjoch noat 11), mar ek by it op ús keatsen lykjende peloaten. It Belgyske spul - sawol it jeu au tamis as it peloaten - wie om 1900 hinne it Fryske keatsen yn ferskillende opsichten foarút: in geregelder kompetysje, mei dêrtroch grif better trainde spilers, mear keatsers (dy't beide farianten beoefenen) en in profesjoneler beleanning.[24] Yn sa'n ramt falt it ûntwikkeljen fan goed materiaal - bal en want - ek earder te ferwachtsjen. Der wienen aparte fabrikanten fan wanten.[25] De Friezen rûnen wat de want oangiet dus wat achter, sa is myn foarûnderstelling.

Mar no dan dy yn earder ieuwen sa yltige hannen, dy't op harsels al as want tsjinje soenen: ek dêr moat mei wat oare eagen nei sjoen wurde. Ta goed begryp fan it folgjende is it fan belang om te witten dat de troch my hjirnei oanhelle skriuwers it alle trije oer it 'boerekeatsen' hawwe, it keatsen yn de iepenloft op it plattelân. De earste dy't oer opsette hannen skriuwt, is de Leidske dokter Johannes le Francq van Berkhey: 'Doch men begrypt ook tevens ligtlyk, (althans ik heb het beproefd,) dat 'er [foar it keatsen] eene fluksche Lichaamsgestalte, met stevige vereelde vuisten, toe vereischt word. Een gezonde en rappe gast kan zig zo moede kaatsen, dat hy 't nog etlyke dagen, na eene zwaare kaatsparty, in de schouders voele, terwyl zyne opgezwollen handen toonen hoedanig eene werkzaamheid hy verrigt heeft. Men kan uit dit alles afleiden, dat het een recht mannelyk en gezond Spel is'.[26] Dit sitaat út 1773 makket dúdlik dat de keatsers, nettsjinsteande har 'stevige vereelde

knuisten', likegoed 'opgezwollen handen' hienen. Dêryn soe trouwens ek meispylje kinne dat de keatsers, oars as no, net trainde sportlju wienen en dus in stik makliker blessueres oprûnen.

Santich jier letter, om krekt te wêzen yn 1844, komt de bekende Fryske taalkundige en skriuwer Joast Halbertsma ek op seare hannen: 'Dit [balslaan] is eene oefening, die vlugheid en kracht in de hoogste mate vereenigt; de palmen der handen door het treffen der ballen als kussens doet zwellen'. Halbertsma wiist der tagelyk op dat by in protte fan syn tiidgenoaten de hannen tear wurden binne: 'Ik heb het [balslaan] eenige malen bijgewoond en wanneer ik dan dacht, dat wij den raketbal[27] voor dit athletenwerk in de plaats gekregen hadden, kon ik mij al weder eene der redenen verklaren, waarom onze handen en krachten zooveel jufferlijker zijn geworden dan die onzer vaderen.'[28]

Ik jou noch ien fynplak fóár de 20ste ieu oer seare hannen. Yn 1877 skriuwt de Ljouwerter boekhanneler en útjouwer Hugo Suringar: 'De regels [fan it keatsspul] zijn niet overal dezelfde. Trouwens om deze te kennen, moet men mêedoen, en zich de onaangenaamheid getroosten van den volgenden dag stijf in alle leden te zijn, en onbekwaam om zijne hand tot schrijfwerk te gebruiken, zoo men althans zich met de nederige rol van "balkeerder" niet tevreden gesteld, maar aan den strijd een meer werkdadig, meer eervol aandeel genomen heeft.'[29] Hoe't it ek wêze mei: oft de keatsers no in protte (yn 1773) of miskien geandewei minder yl (yn 1844[30] resp. 1877) yn 'e hannen hienen, sawol neffens Le Francq van Berkhey as Halbertsma en Suringar waarden har tiidgenoaten pleage troch opsette hannen. Oars sein: fansels sil in yltige hân in sekere beskerming jûn hawwe, mar ek (fier) foar 1920 hie in want de measten grif wol past.

Grutte ballen

Der is wol in oare reden dat keatsers yn it foarige minder gau ferlet hân hawwe sille fan in want. Dêrby moatte wy nei de bal sjen. Der is uteraard in relaasje tusken it risiko op in trochsleine hân en soarte fan bal: wat hurder en swierder de bal, wat makliker in blessuere ûntstiet (hielendal by in kâlde of net trainde hân). Oant yn de twadde helte helte fan de 19de ieu wienen gruttere en sachtere keatsballen yn gebrûk as yn al de jierren dêrnei. Sa skriuwt de earder oanhelle Bonnema oer it keatsen om 1825 hinne ûnder mear dat doe noch in 'greate, weake keatsebal' brûkt waard[31] en in advertinsje fan 16 july 1853 yn de *Leeuwarder Courant* fermeldt apart dat der mei lytse ballen spile wurdt.[32] Dêr slút dizze meidieling út 1895 fan de ferneamde folkskundige Waling Dykstra (berne yn 1821) moai by oan: 'In mijne jeugd, toen men ze [te witten 'de kaatsballen'] grooter had, was de grootste soort niet veel kleiner dan een biljartbal.[33]

Beslút

De oanlieding ta dit artikel wie Folkert Wiersma syn stik út 1918 oer twa âlde keatskwalen: in stikken

De priiswinners fan de Bûnswedstriid fan 1919 te Ljouwert. Flnr: Sybren Kamstra, Sybolt Meyes Tigchelaar en Kees Tijssen (VvV Sjirk de Wal Dronryp). Foto: argyf Keatsmuseum.

skouder en in trochsleine hân. Foaral de lêste blessuere hat my oanset ta dizze histoaryske skôging. Lykas sa faak wurket neier ûndersyk ûntmytologisearjend. It klonk sa moai: dy stoere, âlde keatsers hoegden gjin want oan omdat se safolle yl yn 'e hannen hienen. De nochteren werklikheid lit lykwols in wat oar byld sjen. Mar der bliuwt folop romte foar spekulaasje en fantasyen: hokker keatser soe as earste in stikken skouder hân hawwe, wa hie de primeur fan in trochsleine hân, wat dienen de keatsers dêroan? It sille gewoane jonges west hawwe dy't sneins in baltsje sloegen en nei ôfrin de pine fergeaten troch har oan drank oer te jaan. Gjin dokter, of better: salvesmarder - as dy al ried witten hie - dy't nei har omseach …. It krekte sille wy lykwols wol net gewaarwurde: it (folks)keatsen hearde ta de gewoane dingen fan de gewoane man, net de muoite wurdich om op te tekenjen. Wy moatte dêrom de inkelde skriuwer dy't der al in pear wurden oan smoarch makke hat, ekstra tankber wêze.

Pieter Breuker

Noaten

1 It is, lykas sein, net myn doel om oant yn detail op de fysiologyske krektens fan Wiersma syn stik yn te gean en al likemin om alle remedys tsjin in stikken skouder respektivelik in trochsleine hân te neamen. Wa't mear oer ien en oar lêze wol, soe syn ljocht opstekke kinne by bygelyks: Keimpe Roedema. 'Voorkomen en verzorgen van blessures in de kaatssport' . Yn: *Bondsorgaan K.N.K.B.*, jrg. 3 (1975), nû. 8 (22 april 1975), s. 6-7; Tjalling D. van den Berg. 'Iets over kaatsletsels'. Yn: *Bondsorgaan K.N.K.B.*, jrg. 4 (1976), nû. 7 (7 april 1976), s. 8-10; Piet Tuinman. '"En anders de spuit er maar in …"'. Yn: *Wis-In*, jrg. 5 (1988), nû. 1, s. 13; Æbe Tj. Haima. 'De spuit in de schouder'. Yn: *Wis-In*, jrg. 20 (1992), nû. 10, s. 5; Jelle Eijzenga. 'Wat is er aan de hand? Kaatsblessures'. Yn: *Wis-In*, jrg. 28 (2000), nû. 4, s. 19; deselde. 'Schouderblessures'. Yn: *Wis-In*, jrg. 28 (2000), nû. 5, s. 13; deselde. 'Bovenhands'. Yn: *Wis-In*, jrg. 32 (2004), nû. 6, s. 32; deselde. 'It fersliten skouder, verleden tijd? (deel 1)'. Yn: *Wis-In*, jrg. 34 (2006), nû. 12, s. 7; deselde. 'It fersliten skouder, verleden tijd? (deel 2)'. Yn: *Wis-In*, jrg. 35 (2007), nû. 2, s. 7; deselde. 'De doorgeslagen hand van Patrick'. Yn: *Wis-In*, jrg. 35 (2007), nû. 6, s. 30-31.

2 Folkert Wiersma, op 4 maart 1870 berne yn Easterlittens, wie in grut propagandist fan de keatssport, foaral ek om utens. Hy wie haad fan in basisskoalle yn Amsterdam. Wiersma wie fan 1923, doe't de B(ond) van B(uiten) A(fdelingen) oprjochte waard, oant syn dea yn 1932 as fertsjinwurdiger fan de BBA lid fan it haadbestjoer fan de Nederlandsche Kaats Bond. Hy wie in fûl tsjinstanner fan in selsstannige PC. It belang dat Wiersma yn it beoefenjen troch sportminsken fan gymnastyk seach, kaam ek ta utering yn syn bestjoerslidmaatskip fan de Amsterdamse Bond van Lichamelijke Opvoeding. Wiersma, dy't it Keatsbûn yn it NOC fertsjinwurdige en dêrtroch automatysk lid fan dy organisaasje wie, stoar, alhiel ûnferwachts, op moandei 10 oktober 1932 oan in blinetermûntstekking.

3 Thomas J. Bonnema skriuwt yn 1898 oer it keatsen om 1850-1860 hinne: 'en dat Marten by dy gelegenheid in bal, onderhânsk yn 'e flecht, út 'e krite wei, fier oer alles hinne, in ein boppe sloech. Sok onderhânsk slaen ha 'k foar noch nei noait wer sjoen, en nou pielt min er ho langer ho minder mei. "Och, myn goeije frjeon! sei Teatse, min slacht no in hopen tiden in bal, dy't mar hwet stuitet, ljeafst boppehânsk. Dat liket langer in soarte fen keatsersmoade to wirden.' Yn: T[homas] J[ans] B[onnema]. 'Fen âlde Keatsers en hjar Fiten.' Yn: *Sljucht en Rjucht*, jrg. 2 (1898), nû. 23, s. 180-181. Foar alle dúdlikheid merk ik noch op dat, ôfgeand op ikonografysk Nederlânsk materiaal, bygelyks 17de-ieuske keatstegeltsjes, ek de boppehânske slach by ús al ieuwenlang yn gebrûk wêze moatten hat.

4 'Reitsma giet rinnend nei de keatspartijen en knypt ûnder it rinnen hieltyd yn in grintstien'. Sjoch: 'De skiednis fan Penjum', haadstik 6 ('20e ieu') fia www.google.nl: members.chello.nl/~j.sieswerda/eng/pingjum/fr/index_fr.htm

5 *Bondsorgaan K.N.K.B.*, jrg 7 (1979), nû. 14 (23 july 1979), s. 6.

6 Om it brûken fan agar-agar dúdlik te meitsjen, soe ik hjirre in lang ferhaal fertelle moatte oer it (ûnhygiënyske) flybkjen op bal en hân om de bal better rôlje te litten, it ferbod dêrop yn 1914 fan de NKB (sjoch: Auke Spijkstra. 'Reglementering: tot in de puntjes verzorgd'. Yn: Pieter Breuker (einred.). *Kaatsen: lange traditie, levende sport; bij het eeuwfeest van de Koninklijke Nederlandse Kaatsbond (KNKB).* Leeuwarden/Ljouwert, 1997, s. 207), as ferfanging fan de flibe it pleatsen fan ammerkes mei wetter, earst by de stuit, letter op 'e boppe, it kleien fan opslaggers oer it 'tin' wurden fan de hân troch dy wiet te meitsjen mei wetter, it ferbod op it wiet meitsjen fan de bal (sadat dy swierder waard). Om wat oan dy 'dunne' hannen te dwaan, dy't de kâns op 'doorslaan' fergrutten, 'besloot men 't water te vermengen met agar-agar. Een lichte oplossing daarvan zou een mengsel geven, dat eenigszins 't speeksel in "smijdigheid" (= 'lenigheid', 'buigzaamheid', 'zachtheid') zou nabij komen. In 1914 heb ik [dat wol sizze Willem Westra] mij op verschillende wedstrijden daarmee belast, en van mijn hoeveelheid [agar-agar] aan sommige afdeelingen [een deel daarvan] afgestaan, die daarmee en proef namen. Ernstige bezwaren daartegen heb ik nimmer vernomen; alleen deelden sommige kaatsers mij mede, dat deze stijfselachtige oplossing de hand wat stram en stijf maakte, zooals dat ook met stijfsel het geval is.' Sjoch: Willem Westra. 'Bij onze Friesche Kaatsers.; eenige kantteekeningen. III'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 18 novimber 1916, s. 17.

7 'Uitlegging van het spel'. Yn: Willem Westra. *Het*

Kaatsspel; handleiding met historische aanteekeningen en kaatszangen. Baarn, s.j. [1910], s. 55.

8 J.A.H.J[ockin]. *Het sportboek; handleiding voor openlucht-spelen*. Amsterdam, s.j. [1910], s. 30.

9 'Oude glacé-handschoenen'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 13 jannewaarje 1915, s. 6.

10 Sjoch foar in detaillearre beskriuwing: Pieter Breuker. 'De PC en de Belgen: in súksesfol partoer'. Yn: Pieter Breuker en Jan Pieter Janzen (einred.). *De fiifde woansdei; 150 jier PC (1853-2003).* Franeker, 2003, s. 104-113.

11 Willem Westra. 'Bij onze Friesche Kaatsers.; eenige kantteekeningen. I. Yn: *Leeuwarder Courant*, 4 novimber 1916.

12 Johanes Lolkama. *Perken, Parturen en Koningen; honderddertig jaar georganiseerde kaatssport in Friesland.* Akkrum. 1983, s. 112.
It ferhaal oer de hurde ballen brochten my de by it jeu au tamis brûkte ballen yn it sin: 'De tamis-bal is klein (32 mm. doorsnede) en bijzonder hard; hij is gevuld met zand en houtafval en overtrokken met wit leder' (Dirk Raes. *Het Kaatsspel: historiek, vormgeving en verspreiding.* Leuven, 1965, s. 40. It jeu au tamis waard foaral yn België beoefene, mar it rekke dêr al yn it begjin fan de 20ste ieu yn it neigean.

13 Yn de jierren 1914-1918 waard definityf besluten om mei in saneamde 'droge' bal te spyljen, in bal dus dy't net troch flibe of wetter wiet makke wurde mocht. Sjoch: Auke Spijkstra, oanhelle wurk noat 6, s. 207.

14 De brief wurdt yn it PC-argyf bewarre.

15 It notuleboek wurdt op it Keatsmuseum bewarre. Yn de *Leeuwarder Courant* fan 28 july 1913 skriuwt ''n Kaatsliefhebber' yn de rubryk 'Ingezonden' ûnder de titel 'Het bevochtigen van den kaatsbal' (s. 2) trouwens dat de Belgen mei 'hun geliefden handschoen' keatse sille, mar dat de Friezen dy net brûke meie soenen. In misferstân?

16 Rinse Brink. 'Met den drogen bal' [yn rubryk 'Ingezonden']. Yn: *Leeuwarder Courant*, 21 novimber 1916, s. 5.

17 Auke Spijkstra, oanhelle wurk noat 6, s. 208.

18 Lolkama, oanhelle wurk noat 11, s. 112: 'Als verklaring voor het laat in zwang komen van wanten in de kaatssport, wordt veelal de volgende verklaring gegeven. In de periode tot 1920 verrichtten de kaatsers, die voor het merendeel uit arbeiderskringen afkomstig waren, handenarbeid in het dagelijkse leven. Door het handwerk kreeg men een laag eelt in de handen, die bij het kaatsen een natuurlijke bescherming bood.
De overgang van een agrarische naar een industriele samenleving bracht daar verandering in: mensen gingen lichter werk doen: het aantal banen in de witte boordensector nam toe.'

19 Willem Westra. 'Bij onze Friesche Kaatsers; eenige kantteekeningen I'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 4 novimber 1916.

20 Anonym [Jan Feith]. 'Kaatsen Kegelen Kolven Beugelen'. Yn: Jan Feith. *Het boek der Sporten.* Amsterdam, s.j. [1900], s. 55-56.

21 It keatsen, ek dat ûnder de hegerein (boargers en studinten), lei fanwegen drankmisbrûk en wedzjen op net sa'n bêste namme. Yn de twadde helte fan de 17de ieu rûnen de keatsbanen yn en bûten Nederlân leech. Sjoch dêrfoar: Cees de Bondt. "*Heeft yemant lust met bal, of met reket te spelen …?; Tennis in Nederland 1500-1800'.* Hilversum, 1993, s. 118. Fuort nei 1700 waard yn koarte tiid it 'kolf' populêr, dat yn oerdutsen banen by herbergen spile waard. It dus op in lyts spylfjild beoefene 'kolf' wie in fariant fan it ieuwenlang populêre 'colf', dat yn de iepenloft spile waard. Ds. Kalma konstatearret: 'Afgaande op de 18de-eeuwse advertenties kunnen we zeggen, dat in de friese steden meer gekolfd dan gekaatst werd. Het kolven is een sport van de gezeten burgers, die het kaatsen in de baan verdrong.' (Jaap J. Kalma. *Kaatsen in Friesland.* Franeker, 1972, s. 66). As ferklearring fan de oergong fan 'colf' nei 'kolf' neamt Van Hengel 'de verfijning van de 18de eeuw […]. Het [colf]spel werd in de buitenlucht beoefend, men werd er vuil bij.' Sjoch: [S.J.H. van Hengel e.o.]. *Colf Kolf Golf; van middeleeuws volksspel tot moderne sport.* Zutphen, 1982, s. 28.

22 *Franeker Courant*, 7 juny 1916, s. 17.

23 Sjoch: Pieter Breuker. 'Kaatsen in internationaal verband: beperkt grensverkeer mogelijk'. Yn: Pieter Breuker en Wio Joustra (red.). *Sporthistorie; tussen feit en mythe.* Leeuwarden, 2004, s. 109 en 115.

24 Oer dizze aspekten fan it Belgyske keatsen falt oars noch wol it ien en oar út te sykjen. Sjoch foar in oanset: Raes, oanhelle wurk noat 11, Pieter Breuker, oanhelle wurk noat 21, s. 110-115 en foaral ek Willem Westra. 'Bij onze Friesche Kaatsers.; Kanttekeningen. VII.' Yn: *Leeuwarder Courant*, 16 december 1916.

25 In ferneamde wantemakker, sawol foar it jeu au tamis as it peloatespul, wie Achille Margot fan Thuin. Yn it anonym ferskynde (en seldsume) *Exposition internationale et rétrospective du jeu de balle organisée sous les auspices de l'administration communale de Saint-Gilles-lez-Bruxelles. Par le cercle L'Avenir à l'occasion de son Xe anniversaire 1887-1897.* S.p. [Brussel], s.j. [1897] advertearje mar leafst trije wantemakkers (wêrûnder Achille Margot) en trije ballemakkers. It belang fan it doetiidske keatsen yn België komt ek ta utering yn advertinsjes foar sportskuon en foar in keatsblêd (*Le Jeu de Balle*).

26 Johannes le Francq van Berkhey. *Natuurlyke Historie van Holland.* Derde deel, derde stuk. Amsterdam, 1773, p. 1405. Noch oant yn de 20ste ieu waard der yn Súd-Hollân (dêr't Le Francq van Berkhey syn stik op slacht) mei in gruttere en betreklik sachte bal keatst (sjoch: Pieter Breuker. "Boerenkaatsen' in Zuid-Holland: een verdwenen cultuurgoed'. Yn: Pieter Breuker. *Oan de hang; in samling skôgingen, artikels en lêzingen oer keatsen, keatshistoarje, keunst en kultuer.* Dronryp, 1997, s. 66-82, foaral s. 78-79.

27 Halbertma doelt op balspullen wêrby't in racket brûkt waard.

28 Joast Hiddes Halbertsma. 'De frissche lucht'. Yn: *Overijsselsche almanak voor oudheid en letteren*, jrg. 9 (1844), s. 294-295.

29 H[ugo} S[uringar]. 'Franeker'. Yn: Mr. Arnoldus J. Andreae e.o. *Friesland en de Friezen; gids voor reizenden.* Leeuwarden, 1877, s. 81.

30 Wy moatte der wol rekken mei hâlde dat de romantikus Halbertsma it 'wiere' en 'oarspronklike' foaral yn foarbye tiden miende te sjen.

31 T[homas] J[ans] B[onnema]. 'Fen âlde Keatsers en hjar Fiten [II].' Yn: *Sljucht en Rjucht*, jrg. 2 (1898), nû. 24, s. 189. Bonnema lit yn syn ferhaal oer it keatsen yn earder tiid de Arumer Obe mei sokke ballen keatse. Neffens Kalma moat Obe foar Obe Jans Bangma stean, dy't op 20 jannewaarje 1805 yn Arum berne waard. Sjoch: Jaap J. Kalma. *Koaning-keatser Jan de Earste.* Ljouwert, 1972, s. 11.

32 Sjoch: Pieter Breuker. 'Voorlopers van het Friese kaatsen'. Yn: Pieter Breuker (einred.). *Oanhelle wurk*, noat 6, s. 61.

33 'Waling Dykstra. *Uit Friesland's Volksleven van vroeger en later I* . Leeuwarden, 1895, s. 302.

Alde formules, nije dagen

I

We wienen bij inoar lotte. Moesten wy foarhinne net altyd tsjin inoar, meast yn 'e finale of om in plak yn 'e finale? Sa heugde it my alteast. De lotsjende bestjoersleden hienen blykber it A-kwaliteitfertrouwen yn elk gefal yn ien fan ús opsein, ik tink yn mij, want sij stie as earste op 'e list. Dat fertrouwen wie iksels, dy inkele kear dat ik noch keatste, oars al langer kwyt.

Mar it wie in fleurige dei. Boppe de muzyk fan 'e draaimûne út rôpen wy elkoar en ús maat ta: * *'In prebearring! …'t Is te koart! … Stuit wat neier … Toe no, ju … 't Is in keats, hear! … Twa keatsen, 't is fergean! … Slach mar op! … Dy ha wij! … Fjouwer gelyk is 't … Achterút … Slach mar yn! … Do wat mear nei foaren … As dit earst ús wer ûntkomt … Dy 's deryn, Mar dat komt ek troch de wyn …'*

Alde formules, in feestlike dei. Wat koe it ús skele dat wy der foar de prizen ôf rekken.

II

Soms tink ik dat ik it wol hân ha mei de PC. In dei lang nei jonges sjen dy't har oefenings dogge. Oare dagen taal ik der net nei. Mar de Omrop en de Krante en de omjouwing …

Set ik dochs de fyfde woansdei fan july dy kant fan Frjentsjer wer út, de PC-bus stoppet ek sa moai foar hûs. Sit ik op 'e tribune te knikken en te glimkjen en te wiuwen nei bekenden, sjoch ik nei de warbere jonges, gean ik in slach om it fjild en in slach troch de stêd. Sit ik mei te sjen en mei te hearren en mei te bearen: **'It giet hinne! … Op 'e dyk! … Dy giet boppe! … Twa gelyk. … Bûten, bûten! … Kear him! kear him! … Hij is foarbij! … Toe no! … Dy is kwea … '*

Alde formules. Wurd ik rûzich yn 'e holle, dronken, fan al dy ferwachtings, dreamen, al dat ferline, al dy winst en al dat ferlies, fan al dy keatsers en al dat publyk.

Janneke Spoelstra

* Sitaten út it gedicht 'Keatse' fan de Baarder dichter Harmen Sytstra (1817-'62) yn 'e *Friesche Almanak* fan 1853. It gedicht is ek opnommen yn J.J. Kalma, *Keatsen yn Fryslân*. (1961) en Pieter Breuker. *Boppe! in blomlêzing út de Fryske keatsliteratuer* (1987).